

Hingelmatte

op 'e wize fan de Zuiderzeeballade

ik hoech hjoed ris nergens hinne
en dus bin ik oan't wurk yn't hok
mei wat je op sa'n dei dwaan kinne
in minske hat it altyd drok

ik tink noch: 'k soe leaver lêze
bûten yn de sinneskyn
dêrom moast it grif sa wêze
dat ik dan krekt myn matte fyn

myn hingelmatte
tusken twa tûken
sa lekker lizze
ik kom ta rêst

no net mear wrotte
no net mear lûke
no neat mear sizze
it is sa bêst

't is hjoed sa'n hearlike dei
dat 'k fan mysels alles mei
dus dûzelje ik stadich wat wei

oant dat ik ynsjoch
en wer oerein fljoch
it wurk dat moat ek troch
wat in gedoch!

© Doede Veeman